

*ferbining*

2021  
2022



# RYSK SELSKIP SWOL

Oan

Jiergong

50

Lede-administraasje: Brethouwerstraat 15,  
8043 AZ Zwolle



oprjochte 8 febrewaris 1899



sinds 1860  
**anderhalve eeuw**  
**Kappers**  
 gastvrij tot uw dienst



Graach oant  
 sjen!




Kerkstraat 7 info@kappers-horeca.nl tel. 0529 401281

7722 LR Hoonhorst - Dalfsen www.kappers-horeca.nl kappershoreca

**Jou omtinken  
 oan ús  
 advertearders**

**It Frysk Selskip Swol wurdt  
 stipe troch: Café Restaurant  
 Partycentrum "Het Boskamp",  
 Sterrebosweg 2, 7722 KG Dalfsen  
 www.hetboskamp.nl**



piano's - vleugels - orgels - kleinstrumenten

stemmen - onderhoud - verhuur

**DE GRAAF MUZIEK BV**

hanekamp 2-8, zwolle, telefoon (038) 453 55 87

### BESTJOER

foarsitter	Jan Bosgraaf	Smitserf 42 7951 JG Staphorst 0522 464718	janendjoke@home.nl
2° foarsitter / 2° ponghâlder	Henk Monkel	Gentiaan 23 7721 HA Dalfsen 0529 433175	henmmonkel@kpnmail.nl
skriuwer	Jolanda Lootens	Brethouwerstraat 15 8043 AZ Zwolle 038 4200066	jolandalootens@live.nl
ponghâlder	Sjoerd Bakker	Koelmansstraat 10 7722 LX Hoonhorst 0529 401683	sdabakker@outlook.com
2° skriuwer	Jan-Tjerk Kuipers	Mandenmakershoek 5 8131 CZ Wijhe 0570 522329	jantjerkkuipers@gmail.com
lid	Annet Nieuwenhuis – Kokké	Schuttevaerkade 103 8021 HD Zwolle 038 4537836	annetnieuw@planet.nl

### Lede-administraasje

Jolanda Lootens, Brethouwerstraat 15 8043 AZ Zwolle 038 4200066

### IBAN rekkennûmer

NL95 RABO 0377 3373 66 op namme fan Frysk Selskip Swol

### KONTAKTPERSOANEN

Dalfsen	frou F. Smits	Vechtoever 11	0529 432436
Elburg	frou L. van der Graaf – Bosje	Paardebloem 3	0525 681135
Hatterm	frou W. Steenbeek - Boschma	Hendrikjesweg 46	038 4442894
Kampen	frou J. Wiegiersma	Nijverheidsstraat 11	038 3311670
Wezep	hear K. IJtsma	Scheerderslaan 8	038 3769007
Wijhe	hear F. Kunst	Stationsweg 28	0570 521931

### Zwolle

Aalanden	frou C. Penning	Potmarge 27	038 4541272
Assendorp	frou A. Groenland	Ranonkelstraat 8	038 4220741
Berkum	hear J. Visser	Eikenlaan 12	038 4548808
Binnenstêd, Dieze en Veerallee	fam L. Nieuwenhuis	Schuttevaerkade 103	038 4537836
Holtenbroek	frou H. Osinga	Reggelaan 55	038 4549429
Stadshagen	frou J. Lootens – Berg	Brethouwerstraat 15	038 4200066
Westenholte en Spoolde	frou A. Wieling - Joukema	Voorsterweg 42 – 301	038 4218525
Wipstrik	frou W. de Vries - Boersma	Carry van Bruggenstraat 25	038 4543033
Zwolle – Súd	hear J.H. Zijlstra	Dreessingel 88	038 4542562



**MACHIAVELLIPRIIS 2021**

NOS-waarman Gerrit Hiemstra hat de Machiavellipriis 2021 krige. De Stichting Machiavelli hat him de priis takend om't er de klimaatferoaring en de gefolgen derfan dúdlik makket foar in grut publyk.



Gerrit Hiemstra (foto: NOS)

De Machiavellipriis wurdt sûnt 1989 alle jierren útrikt oan minsken of organisaasjes dy't in bysûndere bydrage levere hawwe oan de kommunikaasje tusken polityk, oerheid en boargers. Ferline jier gie de priis nei firoloch Marion Koopmans en dokter yntinsive soarch Diederik Gommers, mei't se de kennis oer it koroanafirus foar in breed publyk tagonklik makken.

Neffens Marja Wagenaar fan de stifting Machiavelli wiene der it ôfrûne jier gjin minsken dy't der op it tema koroana echt boppeút stutsen. By it klimaat foel Gerrit Hiemstra dus op. Hiemstra neamt it in eare dat er de priis kriget. Neffens him hoecht er der gjin muoite foar te dwaan om it klimaat ûnder it omtinken te hâlden, mei't der faak klimaatrelatearre barrens binne. Hy seit dat er besiket om út wittenskiplike ferhalen de essinsje te heljen, sadat minsken it begripe en ûnthâlde. Gerrit Hiemstra waard berne yn Drachten, groeide op yn Sumar en wennet yn Balk.

(Oernommen fan 'It Nijs')



**MEIDIELINGEN BLEED FAN IT**

**FRYSK SELSKIP SWOL**


Oprijchte 8 febrewaris 1899  
foarjiersmoanne 2022

**FERBINING**

'Wêr't wy op 'e wrâld ek binne, oeral skynt deselde sinne'. In fariaasje op dizze siswize kin wêze, dat, wêr't wy op 'e wrâld ek binne, wy inoar altyd berikke kinne. In pear toetsen oantippe of yndrukke en yn in sucht ha we ferbining mei-inoar. We stjoere berjochten of (byld)belje en prate fia e-mail, whatsapp, facebook, twitter, instagram, snapchat, tiktok, skype, teams, zoom en gean mar troch. Elts momint fan de dei kinne we ferbining mei-inoar meitsje. Ek mei in gewoane telefoan. Ik soe it hast ferjitte. De measten fan ús heucht de tiid noch, dat lang net eltse húshâlding telefoan hie. As der in driuwend boadskip foar immen wie dy't gjin telefoan hie, waard immen yn 'e buert belle dy't dat wol hie. Dan moast de beller oer in kertierke mar wer belje. Underwilens waard dejinge foar wa't it boadskip ornearre wie fan hûs helle. Yn dy tiid waarden der ek brieven skreaun. Wa docht dat tsjintwurdich noch? Dan die in brief yn Nederlân der in deimannich oer om te plak te kommen. Nei bygelyks de Feriene Steaten wie in brief ûngefear twa wiken ûnderweis. Sa'n 200 jier lyn duorre it wol twa moanne. Doe't der stoomboaten kamen, duorre de reis oer de Atlantyske Oseaan gâns koarter. Lykwols seagen kloften minsken yn San Francisco út nei 'steamer day', as de stoomboaten post brochten en de kranten (út New York) mei it wrâldnijs. Nei alle gedachten stie yn de brieven it wichtichste nijs, dat men elkoar te fertellen hie. Nijs oer benammen it wolwêzen fan sibben en freonen en hoe't it giet mei de buorkerij of de saak. Dêr wienen de minsken benijd nei. Dêrtroch fielden se harren mei-inoar ferbûn. En der sieten grif ek leafdesbrieven by. De ynhâld fan dy brieven wie hiel wat oars as fan guon berjochten hjoed-de-dei op sosjale media. Dy befetsje gauris ferrifelerij en ekstreme ideeën. Der wurdt skeld en racht, misledigje en bedrige. Dêr hat gjin mins ferlet fan. Dy berjochten soargje net ta ferbining, mar ta ferwidering. Dêrtroch groeie minsken útinoar en ûntstiet twaspjalt. Dat is de kearside fan de digitale foarútgong. Spitich!

Lokkich hawwe wy noch altyd it krantsje dêr't we de ferbining tusken ús mei yn stân hâlde.

Jan Bosgraaf (foarsitter)



**Ik fiel my ek  
mei jimme ferbûn.**

NIJJERSMIDDEI

freed 18 febrewaris 2022  
De Weijenbelt, Zwolle  
mei skriuwer/muzikant Hein Jaap Hilarides  
28 besikers

In nijjersmiddei yn febrewaris? Dat freegje guon lju harren yn 2030 grif ôf. Nei alle gedachten tinke se dan net mear oan de de Koroana-pandemy fan begjin jieren tweintich fan dizze ieu. Ien fan de gefolgen dêrfan wie, dat ús nijjersmiddei op 21 jannewaris net trochgean koe om't Nederlân yn in 'lockdown' siet. Mar op freed 18 febrewaris koe't wol. We seagen der allegearre nei út.

Mar no raasde stoarm Eunice oer ús lân en bejoegen in soad minsken harren net op in paad. Dochs doarsten 28 leden it oan. Miskien tochten se oan it liet fan Boudewijn de Groot: *'Laat buiten de stormwind nu maar razen in het donker. Want binnen is het warm en licht en goed.'* En dat wie it yn De Weijenbelt yndied. Kopke kofje/tee en oranjekoeke, in drankje en in bitterbaltsje, de boeketafel mei Fryske boeken, de ferlotting mei moaie prizen, oranjekoeke te keap en, tige wichtich, in gesellich praatsje. Mar men kaam dizze middei foar skriuwer/muzikant Hein Jaap Hilarides, dy't ús fertelde oer syn romansyklus oer de Biltse famylje Wassenaar. Hy wie tige bliid, dat er nei sa'n lange tiid fan lockdowns ensfh. wer in presintaasje fersoargje koe. Dy gie yn haadsaak oer syn nijste boek 'Beppe Xenia', it twadde diel yn 'e rige fan trije. It tredde diel, 'De trekker fan Troje' hat er al earder skreaun. Dat boek beskriuwt benammen it libben fan de twalingbruorren Friso en Hero Wassenaar yn de 2<sup>e</sup> helte fan de 20<sup>ste</sup> ieuw. 'Beppe Xenia' spilet him ôf yn 'e 1<sup>ste</sup> helte fan de 20<sup>ste</sup> ieuw en foar in grut part yn de Twadde Wrâlkriich. It earste diel sil in tiidrek fan sa'n 400 jier bestrike. Fan de tiid ôf dat de earste boeren út it westen fan ús lân yn It Bilt begûnen te buorkjen oant om ende by 1900 hinne. Foar in part binne de boeken basearre op ferhalen dy't de skriuwer optekene hat en op eigen ûnderfiningen. Foar in oar part besteane se út fiksje. Dêrby stiet him wol in tema foar eagen, sei Hein Jaap. Yn 'Beppe Xenia' is de sintrale fraach, oft men jins fijân ferjaan kin. Neffens Hein Jaap, hat in minske eins gjin kar. Want men kin net yn it kwea hingjen bliuwe. It heart faaks wat dreech en swiersettich, mar dat is 'Beppe Xenia' perfoarst net.

Neist skiednis en taal, hat Hein Jaap Hilarides ek in passy foar boogie woogie, de muzyk dy't yn 'e lette jierren 20 fan de foarige ieu út de blues ûntstien is. Syn leafde foar dizze muzyk dielde er mei syn taharkers troch fjouwer nûmers te spyljen. Wat in moaie ôfwikseling wie by it ferhaal oer de boeken en it skriuwen. (JB)



Op sneon 26 maart 2022 hâldt it Frysk Boun om Utens de jierlikse Algemeine Gearkomste by de Frysk Krite 'Fier fan Hûs' yn Boadegraven.

**PLAK: Sealesintrum 'De Brug', Dunantlaan 1, 2011 CA Reeuwijk.**

**Programma:**


10.00 – 10.30 oere	Ynrin mei kofje/tee en oranjekoeke
10.30 – 12.15 oere	Algemeine Gearkomste
12.15 – 13.15 oere	Lunsj - € 11,00 p.p. - graach opjaan foar 18 maart
13.15 – 14.45 oere	Moetings- en Ynspiraasjemiddei mei gastsprekker <b>Lystbeth Jongbloed</b> oer har ôfstudearûndersyk oer it Frysk yn 'social media', har (eardere) ûndersyk nei Friezen om utens en/of ûnderwerpen út it taalbelied fan de provinsje Fryslân.
14.45 – 15.10 oere	skoft
15:10 - 15.30 oere	Iepening krite Boadegraven en sprekkers
15.30 – 17.30 oere	Kabaret: Acta Theater mei it programma <b>"It komt wer foar 't ljocht!"</b> oer it libben fan akteur, kabaretier en tekstskriuwer Klaes Westra.
17.30 – 17.45 oere	Ofsluting fan de dei.
18.30 oere	Nei ôfrin kin elkenien dy't dat wol in jûnsmiel krije – in gaadlik plak wurdt noch socht en hinget ôf fan de mooglikheden, dy't de pandemy dan jout.

Wa't hjirhinne wol, jout dat troch oan de skriuwer fan it FBoU:  
[skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.nl](mailto:skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.nl)

**As it 26 maart net trochgean kin, sil it 17 septimber 2022 plakfine.**

De jubileumkommisje fan it Boun wurket oan de betinking en fiering fan it 100-jierrich bestean fan it Boun op **sneon 16 septimber 2023**.

Mear ynformaasje oer it Frysk Boun om Utens en oer de by it Boun oansletten krite op 'e webside fan it Boun: [www.fryskbutenfryslan.nl](http://www.fryskbutenfryslan.nl)

**BOEKEHOEKE**

*Wyntrilogy* is in bondel fan trije skûtsjeromans fol spanning, aventoer, humor en romantyk.

Boarne: *Elikser*

**Oer it boek:**

Yn dizze trilogy binne trije skûtsjeromans fan Hilda Talsma bondele.

Yn diel 1, *Wyn fan feroaring*, treft de jonge húsdokter Johanna Kamstra har neef Ate en har âlden foar it earst nei jierren wer. Dat is it gefolch fan it testamint fan omke Hannes, dy't harren allinnich syn foarstlike erfenis neilit as se mei-inoar syn skûtsjekasko klearmeitsje foar de IFKS-silerij en dêrmei by de earste trije einigje. Johanna har mem Connie en dy har suster Bonnie, koartwei de Onnie's neamd, binne mei harren flotte Ljouwerter taal en prachtige útspraken fan it begjin ôf oan smaakmakers yn dit boek

Yn diel 2, *Wyn fan de wierheid*, sylt de famylje Kamstra foar de earste kear mei de Alinde yn de grutte A-klasse, en dat soarget foar de nedige spanningen. As se op 'e falreep sûnder folchboat komme te sitten, moat it skip fan Ate en Johanna tsjinst dwaan as sintraal punt. Se moatte roeie mei de riemen dy't se hawwe om de holle boppe wetter te hâlden... yn mear as ien opsicht.

Yn diel 3, *Wyn fan de winners* sil de famylje Kamstra besykje om wer yn 'e grutte A-klasse te kommen, mar Ate hat der klauwen oan om alles yn goede banen te lieden en Johanna hat oare prioriteiten. De nije bemanningsleden út Frisum soargje, mei de Onnie's, foar de nedige konsternaasje en sadwaande wurdt it wer in wike fol ferrassingen.

Dizze hearlike boeken nimme de lêzer mei yn 'e wrâld fan de skûtsjesilerij en de simmer yn Fryslân.

**Wyntrilogy** - Hilda Talsma – 492 siden - ISBN: 978-94-6365-356-5 - priis: € 24,50

**Oer de skriuwster:**

**Hilda Talsma** (1971) is in flotte skriuwster dy't har spoaren al mear as fertsjinne hat yn de Fryske literatuer. Se begûn mei trije romans oer it doarpke Frisum. Dêrnei skreau se it boek *Brekber*, oer it bysûndere hynstefamke Sinne. In pear jier letter ferskynden de skûtsjeromans *Wyn fan feroaring*, *Wyn fan de wierheid* & *Wyn fan de winners*. Yn *De Onnie's* en it hynstebal komme personaazjes út al dy romans wer werom.

Tuskentroch skreau se de jeugdroman *Slangen ûnder it bêd* en yn 2021 skreau se it boekewikegeskink *Lockdownleafde*. Yn har boeken steane de minske en de leafde yn al syn foarmen sintraal.

**FAN HERTE LOKWINSKE!**

Freark Smink yn *Wat soesto!* FOTO JAN BENSLIMAN

## 'Wat soesto!' wint Fedde & Martha Bergsma priis

LJOUWERT Freark Smink krijt de Fedde & Martha Bergsma-priis foar syn toanielstik *Wat soesto!* Sa wie it fuortendaliks raak mei syn earste toanieltekst.

De Fedde & Martha Bergsmapriis, ferneamd nei in trouw pear dat al-titen warber west hat yn it Fryske toaniel en ek belutsen wie by de oprjochting fan Tryater, wurdt sûnt 1992 ien kear yn de trije jier útrikt oan de bêste Fryske toanieltekst.

De sjuery wie wakker te sprekken oer de hege kwaliteit fan de ynstjoerde stikken. Dat wiene der net minder as 37. „Minsken ha no de tiid om der foar te sitten”, seit Luuk Eisema fan Keunstwurk, be-

lutsen by de priis.

Fan dy 37 waarden der fiif nominearre. Neist *Wat soesto!* wiene dat stikken fan Tet Rozendal, Eelco Venema, Anja Steegstra en Hans Brans.

Smink spilet sels de haadrol yn *Wat soesto!*, dat foar in grut part basearre is op syn ûnderfiningen als boeresoan fan Sondel en dy fan syn famylje. Hy kriget in oarkonde en 1000 euro.

De sjuery bestie út Bouke Oldenhof, Gerrit Hoekstra en Tsjerk Bottema. Oldenhof wie as 'coach' belutsen by *Wat soesto!*. „Mar by it stimmen is er de keamer útstjoerd”, zegt Eisema. „Dêr wie ik sels by. It is allegearre suver gien, dêr kin ik foar ynstean.”

(Oernommen fan: Leeuwarder Courant)

**De lêste nije boeken hast om 'e nocht !!**

Us lêste nije boeken geane fuort foar ...

**... de helte fan 'e helte!!**

**Wês der rap by, want OP = OPI!**

Freed 18 maart 2022 nimt ús boekeferkeapster, Jolanda Lootens, de lêste nije boeken yn elts gefal noch mei. Bêst mooglik dat it de lêste kear is, dat de boeketafel der stiet, want der komme gjin nije boeken mear by. Dit is de kâns om jimme slach te slaan.

**Der lizze gjin healsliten boeken mear op 'e boeketafel en jimme kinne se ek net mear oan ús kwyf.****WRALDFERNEAMD BRECHJE**

Inkelde meters foardat yn Barthlehiem de Feinsummerfeart yn 'e Dokkumer le útkomt, leit oer dy feart in ûnopfallend houten brechje. Simmerdeis sjocht men hjir boaten farren, fytsers en minsken dy't in moaie kuier meitsje. Fierders is it ien en al rêst en kin men de stilte hearre. Utsein dat der sa no en dan, mei in bulte kabaal, in Joint Strike Fighter (Lockheed Martin F-35 Lighting II) oerhinne fljocht.

Yn in strange alvestêdewinter tilt it op en om it brechje hinne op fan tûzenen feestfierende minsken, al of net mei in oranje UNOX-mûtse op 'e holle. Under muzikale begelieding fan dweilorkesten (û.o. 'Kleintje Pils') fiterje se de alvestêderiders oan om de tocht hinne en werom Dokkum en fierder nei de finish op de Bonkefeart te folbringen. Twa kear! De earste kear as de riders fan de Feinsummerfeart ôf loftsôf de Dokkumer le opride en de twadde kear as de fan de Dokkumer le ôf loftsôf de Aldtsjerksterfeart yndraaie. Sa wurdt in ienfâldich brechje yn in fredige buorskip foar ien dei it sintrum fan de wrâld.

(JB)

*'In houten boat', sei pake,  
'swit altyd wat troch'.  
En mei de leafde is it al net  
folle better;  
Mar mei de holle op 'e tiid  
wat boppe wetter,  
skarrelje wy it libben  
likegoed wol troch.*

(Bennie Huisman)



Fan âlds is de **Folkshegeskoalle op Skylge**, smûk ferskûle yn it Hoarnske Bosk, in sintrum fan moetsjen, besinnen en kultuer. Inkele fan ús leden komme dêr elk jier. Om te sjongen, te skriuwen, te kuijerjen of om putsjes te dwaan.

Yn 2022 is der wer in grut ferskaat oan allerhande kursussen: skilderjen, byldhouwe, mandela tekenje, dûnsje, sjonge, skriuwe, Fryske taal, besinning lykas yoga, meditaasje, mindfulness, natoertochten, ensfh..

Wa't mear witte wol oer alles wat der op 'e Volkshegeskoalle Schylgeralân te rêden is, kin terjochte op webside [www.folkshegeskoalle.fr](http://www.folkshegeskoalle.fr)



De **Feriening Freonen fan Omrop Fryslân (FOF)**, is de stipersferiening fan de Omrop, dy't stribbet nei in goede publike Fryske Omrop foar radio en telefyzje. FOF soarget foar ynformaasje oer Omrop Fryslân en stipet Omrop Fryslân by syn doelstellings en aktiviteiten. FOF hâldt kontakt mei har leden fia it ledeblêd Each en Ear. Yn 'e rin fan it jier binne der ferskate aktiviteiten en eveneminten dêr't leden oan meidwaan kinne. Sjoch op 'e webside [www.omropfryslan.nl/freonen](http://www.omropfryslan.nl/freonen) of wurdt 'facebookfreon'.

De ledebydrage is op syn minst € 9.-- yn't jier.

Wa't ek **FREON fan Omrop Fryslân** wurde wol, kin belje nei 06-43903180. Of stjoer in e-mail nei [freonen@omropfryslan.nl](mailto:freonen@omropfryslan.nl). Oanmelde fia de webside kin ek.

*Paradys By It Dashboardljocht*

*Al is 't kâld en iensum, wêr 't de leafd' ús brocht  
it is in wier paradys by it dashboardljocht.*

*Syb van der Ploeg en Maaike Schuurmans*

Dit is de Fryske fersy fan it bekende liet fan de Amearikaanske sjonger/akteur Marvin Lee Aday, better bekend as Meat Loaf, dy't op 20 jannewaris ferstoarn is. Maaike en Syb songen it by de grutte Friezereuny 'Simmer 2000'.

It **Frysk Sjongkoar Swol** hat dit liet net op it repertoire, mar de leden sjonge wol mei in soad nocht en wille allerhande oare moaie Fryske lieten. Elk dy't sjonge wol, kin lid wurde. Men hoecht de Fryske taal net iens machtich te wêzen. As der mar yn 't Frysk songen wurdt!

Freedtemoarns om 10 oere repeteart it koar yn it Moetingsintrum 'Het Anker', Voorsterweg 36, 8042 AD Zwolle (Westenholte). Troch de Koroanamaatregels koe der in hiel skoft net repetearte wurde. **Mar freed 4 maart sil it wer heve!**

It koar fersoarget sa no en dan in optreden en ienris yn't jier hawwe de leden in útsje nei Fryslân. Tidens dat útsje sjongt it koar mei in soad foldwaning ek yn in âldereinhûs earne yn Fryslân. Yn 'e simmer komme de leden byelkoar foar in gesellige midsimmermoeting.

Elts dy't fan sjongen hâldt is fan herte wolkom by it koar. Want sjongen ferbynt minsken en makket minsken bliid. Net allinne de sjongers. Ek de taharkers.



Kom earst mar ris nei in repetysje. Dat jout fierders gjin ferplichting.

Nim foar mear ynformaasje kontakt op mei ien fan dizze minsken

<b>Douwe Boersma</b>	<b>foarsitter / skriuwer</b>	<b>0523 – 656802</b>
<b>Jolanda Lootens</b>	<b>ponghâlder</b>	<b>038 – 420066</b>
<b>Jelma Wiegiersma</b>	<b>diriginte</b>	<b>038 – 3311670</b>

(JB)

**KEUNSTWURK**

**'Ut ierde binne wy berne,  
it fjoer stutsen wy út de  
grûn, ta wolfeart woe it  
wetter ús drage, de loft  
hat in tankliet ús jûn.'**

Dizze tekst fan skriuwer/dichter Harmen Wind (Ljouwert 1945) stiet op it keunstwurk 'it Carillon' fan de keunstner Gunnar Daan (1939 – 2016). It is in konstruksje fan beton, stiel en brûns.

It stiet yn Drachten, presies op it plak dêr't earder de ophelbrêge oer de Drachtster Kompagnonsfeart wie.

**WAT YN IT FET SIT****Freedtemiddei 18 maart 2022**

Foarstelling 'Myn Skip' mei Age Veldboom, Ella de Jong en Herman Woltman yn 'De Weijenbelt' yn Zwolle (Berkum).

**Freedtemiddei 8 april 2022**

Ledegearkomste mei (as it kin) in optreden fan it Frysk Sjongkoar Swol en Sietske Ypenga – Keulen mei moaie folks- en/of oare ferhalen yn 'Het Anker' yn Zwolle (Westenholte).

**Sneintemiddei 24 april 2022**

Fryske tsjerketsjinst mei ds. Renze Pieter Yetsenga yn de Protestantske tsjerke yn Windesheim.

**Notearje dizze middagen alfêst yn jimme bûsboekje of snoadfoan.**

**SKIEDNIS FAN IT SKUTSJE**

In wrâld fan dramatyk, tradysjes, regels, striid en sterke ferhalen.

Foarich jier bestie de Sintrale Kommisje Skûtsjeslien (SKS) 75 jier. Op 1 july 2021 is de SKS offisjeel byskreaun yn de 'Inventaris Immaterieel Erfgoed Nederland'. Hoe spitich is it dan, dat krekt yn it jubileumjier gjin wedstriden hâlden wurde. It Koroanafirus hat roet yn't wetter smiten. Al dy stoere manlju en froulju bliuwe dit jier oan 'e wâl en sitte harren thús te ferbiten. Want simmerdeis wolle se mar ien ding; farre en sile om't hurdst, mei't swit op holle en it skom foar de boech. Sa bouwe se troch oan in hast mytyske kultuer dy't trochfrissele is mei tradysjes en dramatyk.



Oant ûngefear 1930 waarden der skûtsjes boud; earst fan hout en letter ek fan stiel. Se waarden brûkt foar it ferfier fan û.o. ierappels, bieten, pulp, turf, terpgrûn en stront. Sûnt 1974 wurdt jierliks de Strontrace oer it Iselmar hâlden. It wurk oan board waard mei de hân dien. De lading waard yn in kroade skept en oer in smel plankje de wâl op riden. As der te min wyn stie, moast de skipper, it skipperske of de skippersfeint yn 'e

beage om it skûtsje te lûken. En as de katoenen seilen wiet wiene, wie't bealgjen om se te hisen. Yn de krisis yn 'e tritiger jierren fan de foarige ieu kaam der foargoed in ein oan it frachtfarren ûnder seil.

Mar de wil om as earste oan te kommen om fracht lade te kinnen, siet de skippers yn it bloed. En sa ûnstie nei de Twadde Wrâldkriich it skûtsjesilen en waard de SKS oprjochte, mei as doel de wedstriden goed te organisearjen.

Yn 'e earste jierren fûnen de skippers fan alles út om hurder sile te kinnen en eins jilde der mar ien regel, de bakboard-stjoerboardregel. Yn 'e rin fan 'e jierren kamen der hieltyd mear regels by. Dat soarge wolris foar de nedige konsternaasje, mar de SKS hâlde de poat stiif. En sa is it histoarysk byld fan in skûtsje ûnder seil al 75 jier bewarre bleaun.

(ferfolch op side 7)

**FERGEES TAGONG FOAR 2 MINSKEN**  
**OP 18 MAART 2022**

Dizze bon is foar minsken dy't foar it earst mei ús selskip yn 'e kunde komme en miskien wol lid wurde wolle.

(Dus **NET** foar famylje of goekunde út Fryslân of earne oars wei.)

Namme: .....

Adres : .....

Postkoade  
en wenplak : .....

Tillefoannûmer: .....

E-mail: .....

Is/binne op 18 maart 2022 **GAST** by it Frysk Selskip Swol.

Hy/sy hat/hawwe dizze bon krigen fan:

**DE TREKKER FAN TROJE**



Op ús nijjersmiddei hat Hein Jaap Hilarides fertelt oer syn boek 'Beppe Xenia'. It twadde diel fan de romasyklus oer de Biltske famylje Wassenaar. It tredde diel hie er al earder skreaun; 'De trekker fan Troje'.

Friso Wassenaar is lobbyist yn Brussel. Hy wrakselet mei syn identiteit yn it postmoderne Europa. Syn twillingbroer Hero sit op de pleats dêr't de Wassenaars al generaasjes op buorkje. Heit Klaas Wassenaar is harren foarbyld. Yn 1990 wie hy de lieder fan in grutte boereaksje. It belied fan de Europeeske

Uny bedrige de boeren yn harren fuortbestaan. Tweintich jier letter stride Friso en Hero foar de autonomy fan Fryslân. Mei in leger fan trekkers besette se Brussel. Dan komt heit ûnder in muorre en ferûngelokket. It docht bliken dat de hiele erfenis nei Hero giet. Boppedat hat de twilling noch wat út te fjochtsjen. Se falle op deselde frou: Andrea Kalma.



**TEGELTSJEBREGE**

Yn 'e buert fan Gytsjerk leit oer de Murk de Kanterlânske brêge. Foarhinne in ienfâldich betonnen brechje, sa't men se rûnom yn Fryslân tsjin komt, mar sûnt 2008 is it in keunstwurk mei de namme 'It Sil Heve'. En dan wit eltse Fries, dat it oer de alvestêdetocht giet. De alvestêdetocht foar reedriders, foar in goed begryp. Want tsjintwurdich binne der alvestêdetochten op allerhande

mêd. De aldernijste edysje wie 'Denkend aan Holland', de fartocht dy't André van Duin en Jannie van der Heijden lâns de alve stêden makken. Net yn 'e simmer by sinneskyn waar, mar yn bytiden dizich waar en in pear graden boppe nul. De Friezen lieten harren wer fan de gastfrije kant sjen. By de start yn de Zwettehaven en by de finish yn de Prinsetún wienen de kommissaris fan de Kening, Arno Brok, de boargemaster fan Ljouwert, Sybrand van Haersma Buma en de foarsitter fan de Koninklijke Vereniging De Friesche Elfsteden, Wiebe Wieling presint. Yn alle stêden waarden se ynhelle mei muzyk fan dweilorkesten en krigen se in stimpel fan it rayonhaad. En noch folle mear spesjale gasten en mominten.

Yn de reedridersalverstêdetocht is it de lêste brêge yn de 200 kilometer lange tocht. Nei de brêge is it noch in pear kilomter nei de finish op 'e Bonkefeart. Yn 'e jierren 2001 oant 2008 binne op 'e brêge tûzenen blauw glasuerde tegeltsjes fan Makkumer ierdewurk oanbrocht. Op de tegeltsjes ôfbyldings, nammen en jiertallen fan dielnimmers oan 'e alvestêdetocht. Fan fierôf foarmje de tegeltsjes in byld fan, hoe kin it oars, reedriders. As is earebôge oan harren, foar't se de lêste streken fan de tocht sette. It idee fan wat yn Fryslân de 'Tegeltsjebrege' neamd wurdt, is fan de keunstners Marre Blok en Bas Lungthart.

(JB)



Der sitte ûnder ús leden grif lêzers fan 'It Nijs', it digitale dei- of wykblêd mei wrâldnijs yn it Frysk. Mar ek mei nijs út de Benelúks en út Fryslân. Allerhande ûnderwerpen, kwestjes en tema's komme foarby. Kultuer, mienskip, wittenskip,

opiny (mei moaie kollums), sport, ferdivedaasje en waar. It Nijs wurdt al troch mear as 6.000 minsken lêzen. Wa't der ek niget oan hat, kin him har opjaan fia de webside [www.itnijs.frl](http://www.itnijs.frl).

(ferfolch fan side 6)

It skûtsjesilen begjint yn 'e earste wike fan de boufakfakânsje op 'e Pikmar by Grou. Twa wike letter is de lêste wedstriid op 'e Snitsermar. De oare plakken dêr't syld wurdt, binne De Feanhoop, Earnewâld, Terherne, Langwar Ealahuzen, Starum, Wâldsein en De Lemmer (2x).



Der meie op syn heechst 14 skûtsjes oan 'e silerij meidwaan. Mear skûtsjes is foaral op it smelle wedstriidwetter net ferantwurde. De skûtsjes moatte yn de orizjinele kleuren grien, brún of wyt/krème ferve wêze. It skynt, dat men eartiids oan 'e kleur sjen koe út hokker hoeke fan Fryslân in skûtsje kaam.

De touwen oan board meie fan keunststof wêze, as se mar manillabrún en Ingelsk slein binne. De mêst, gaffel, gyk, fokkeloet, farboom, swurden en blokken moatte fan hout wêze en fan in soarte dy't yn it reglemint stiet. It grutseil moat brún wêze en de fok wyt. Eartiids hie men katoenen seilen, dy't taand waarden om se goed te hâlden. Omdat taan brún is, waard it fan oarspong wite katoen ek brún. Tsjintwurdich binne keunststofseilen fan dacron tastien, as se mar brún binne. Op 'e seilen meie allinne seiltekens stean. Dêr kin men oan sjen út hokker plak it skûtsje komt; H = It Hearrenfean, G = Grou, de wetterpoarte = Snits, ensfh. Op it skûtsje, de seilen en de klean fan 'e skipper en bemanning mei gjin reklame fierd wurde.

Net eltsenien kin skûtsjeskipper wurde. Dêr is mear foar nedich as dat men in betûft siler is. In skipper moat op syn minst sân jier aktyf west ha as bemanningslid yn de SKS-kompetysje. Boppedat moat in skipper yn in rjochte line ôfstamje fan in Fries dy't yn haadsaak yn Fryslân mei in frachtskip ûnder seil, yn op syn minst 10 jier fan de foarige ieu, syn brea fertsjinne hat. Ja, it lústeret nau en it komt allegearre tige krekt!

En dan de sterke ferhalen. 'Skippers ha in ûnthâld as in oaljefant', seit Anne Tjerkstra, de eardere skipper fan de Jouwer en Langwar yn in fraachpetear mei Friesland Post. Wie der ris in akkefytsje, dan wisten se dat jierren letter noch. Mar faak socht men inoar nei ôfrin fan 'e wedstriid op en waard it foarfal ûnder it genot fan in sigaar en in slokje útpraat. Dan siet de protestkommisje te wachtsjen foar neat. Dêr krige de komisje syn nocht fan. Wa't no mei in protestflagge yn't want oer de einstreek komt, moat foar de komisje ferskine. Oars kriget er sels strafpunten.

(JB)

# Freed 18 maart 2022 om 14.30 (healwei trijen) oere yn 'De Weijenbelt' te Swol (ynrin fan twa oere ôf)

Campherbeeklaan 82 Zwolle (Berkum)

Nei in suksesfolle rige fan útferkochte foarstellings yn septimber 2018 fan it iepenloftspektakel oer de skiednis fan it skûtsje, gie **'Myn Skip'** mei dit ferhaal de teäters yn.


In foarstelling oer hurd wurkjen en genietsje, oer lije en leafde, oer stoer en kwetsber, oer winne en ferlieze. Mar foaral ek ferhalen oer it skûtsje, fan wurkskip nei wenskip en rekreaasjeskip.

Ferhalenferteller **Age Veldboom** nimt it publyk op entûsjaste wize mei yn de wrâld fan it skûtsje, dy't hy as gjin oar ken. Hy is in kuierjende ensyklopedy as it oer it skûtsje giet en jout ferskate kearen kommentaar by Omrop Fryslân en Omroep Max tidens it skûtsjesilen. En hy is de man fan it Skûtsjemuseum yn Earnewâld.

It singer/songwritersduo **Ella & Herman** út Fryslân spilet en sjongt de spesjaal foar dizze foarstelling skreaune lieten. **Ella de Jong** sjongt en spilet piano, trompet en melodica. **Herman Woltman** spilet gitaar. Tegearre wûnen **Ella & Herman** yn 2015 de singer/songwriterspriis fan Fryslân.

De ferhalen, en lieten soargje foar in ferbyldzjende reis troch 100 jier skûtsje histoarje.

**'Myn Skip'** waard bekroand mei de Fryske Anjer 2018 fan it Prins Bernard Cultuurfonds Fryslân.



*Dizze foarstelling koe al twa kear net trochgean fanwegen de Koroanamaatregels.  
Dêrom binne we bliid, dat it slagge om 'Myn Skip' opnij fêst te lizzen.  
Trije kear is skippersrjocht.*

**DER IS DIZZE MIDDEI IN BOEKETAFEL EN IN FERLOTING MEI MOAIE PRIZEN !!!**